



**Help! In ferrassing!**

Miriam Bos (Lemniscaat 2022)  
ISBN 978-90-47713838

**Oer it boek**

It giet oer August de foks, dy't fan rêstige en feilige dingen hâldt. Mar no sil Suuske it iikhoarntsje him meinimme foar in ferrassing... Wat as se no wat wylds en rûchs dwaan sille...?

**Tema's**

*freonskip, ferrassingen, in geheim hawwe, bang wêze.*

Fan 24 jannewaris o/m 3 febrewaris binne it de 'Nationale Voorleesdagen'. It printeboek fan it jier is yn 2024 'Help! Een verrassing!' fan Miriam Bos. In werkenber ferhaal foar alle bern dy't wolris wat benaud binne foar nije, ûnbekende dingen. Yn dizze lesbrieffine jim in Fryske oersetting fan it boek, sadat jimme it boek ek yn it Frysk foarlêze kinne. Ek fine jim fierderop suggestjes foar (taal)aktiviteiten om it printeboek hinne. Sjoch foar mear ynformaasje oer de Nationale Voorleesdagen op [www.nationalevoorleesdagen.nl](http://www.nationalevoorleesdagen.nl).

**Ynteraktyf foarlêze**

Ynteraktyf foarlêze wol sizze dat de bern ûnder it foarlêzen aktyf by it ferhaal belutsen wurde. De foarlêzer stelt bygelyks fragen oer wat der krekt foarlêzen is, lit de bern dingen oanwize yn it boek of freget de bern wat sy derfan tinke. Sa kinst as foarlêzer goed oanslute by de bern en

wurde de bern mear belutsen by it ferhaal. Ek helpt it de bern om it ferhaal better te begripen.

**Foar it lêzen**

- Lês foar it foarlêzen sels it boek en de fragen dy't hjirûnder steane in kear troch.
- Sykje in noflik plakje om foar te lêzen. Soargje dat de groep net te grut is, sadat alle bern echt meidwaan kinne.
- Sjoch mei de bern nei de foarkant fan it boek. Wat sjogge sy dêr? Der steane twa bisten heal achter in beam, watfoar bisten binne dat? Se sjogge nei in koer. Wat soe dêryn sitte?
- Lês de titel foar: 'Help! Een verrassing!'. Wat is in ferrassing? Wat soe de ferrassing wêze? En soe it wol in leuke ferrassing wêze?



---

## It Ferhaal

### Help! In ferrassing!

'O jee, o jee, o jee,' mompelet August de foks.  
Hy wachtet op Suuske it iikhoarntsje dy't aansten komt om him op te heljen.

'Wy sille wat leuks dwaan,' hie Suus sein.  
'Mar wat, dat is noch in ferrassing.'

August makket him no al soargen...

Wat soe Suus dochs fan plan wêze?

Suus hâldt fan draven en springen, fan gekjeien en healwiizjen, en fan wylde en rûge dingen dwaan.

'Dêr hâld ik hielendal net fan!' huveret August.

'Ik hâld fan lekker lêzen, fan moaie dingen meitsjen, fan gewoan noflik omhingjen.

Rêstige dingen.  
Feilige dingen!



August wurdt hieltyd senuwachtiger.  
Suus hat soms fan dy nuvere streken.  
Wat as...  
Wat as se delkomt mei wat gruts en grizelichs?

Of wat wylds  
en rûchs  
dwaan wol?

Waaaaah!!!

Wat as se him meinimt  
nei wat lûds?  
En wat hiel droks?



Of wat as se him wat  
dreechs dwaan lit,  
wêtroch't er net mear  
kieze kin?

'O jee, o jee, dat wol ik net!' skrikt August.  
'Ik sil my ferstopje en doch krekt as bin ik net thús.'

Fluch klimt er in beam yn.

'Eh... August? Giest noch mei?  
It wurdt echt leuk, hear,'  
klinkt Suuskes stim fan ûnder de beam.

Huh? Hoe wit Suus no  
wêr't ik sit?  
tinkt August fernuvere.

'Bist dochs net senuwachtich, wol?' freget Suus,  
wylst se op 'e fyts stapt.  
'Fertrou my mar. It is echt in leuke ferrassing!'

Mar dêr is August  
net sa wis fan...

---

Ferrassing!  
'Wy sille picknicke!  
seit Suus.

'Mar...' seit August ûnwis.  
'Der is dus neat gruts en grizelichs?'

nee

'En neat lûds en droks?'

nope

'En ek neat dreechs,  
wêtroch't ik net kieze kin?'

hihi

'Nee, fansels net,' gniist Suus.  
'Dêr hâldsto dochs hielendal net fan?'

Hoera!

August jubelet it út fan opluchting.  
Einlings is alles dúdlik.  
Gjin ferrassingen mear!

August en Suus boartsje oant de sinne  
ûndergiet.  
Se dogge allinne rêstige dingen, en  
feilige dingen.  
Dingen dy't se beide leuk fine.



'Wau,' suchtet August tefreden.  
'Dit wie de moaiste dei oait.'  
'O, ik bin sa bliid datst it  
leuk fûnst,' seit Suus optein.

'Witst wat? Moarn  
sille wy wer wat dwaan.  
Mar wat, dat is noch in  
ferrassing!'

### Prate

Wachtsje nei it foarlêzen earst eefkes de  
pontane reaksjes fan de bern ôf. Heakje  
dêrop yn en/of brûk dêrnei inkelde fragen út  
it ûndersteande rychje om mei de bern oer it  
ferhaal te praten:

- It ferhaal giet oer August de foks. August hâldt fan rêstige en feilige dingen. Wêr is August benaud foar?
- Wêr hâldt Suuske it iikhoarntsje fan? Binne dat deselde dingen as dêr't August fan hâldt?
- Net elkenien fynt itselde leuk om te dwaan. Hâldsto mear fan rêstige en feilige dingen? Of fan wylde en rûge dingen?
- It wurdt in leuke ferrassing, hie Suuske sein. Wannear is in ferrassing leuk? En wannear just net? Hâldsto wol fan ferrassingen?
- Wat wie de ferrassing úteinlik? Hoe fûn August dat?



- Op de lêste side fertelt Suus dat se moarn wer wat leuks dwaan sille. Mar wat, dat is noch in ferrassing! Wat soe de ferrassing wêze?
- Suus hie wat betocht dat sy en August beide leuk fine. Kinne jimme noch mear dingen betinke dy't sy beide leuk fine soene?

Net alle fragen hoege steld te wurden. Kies de fragen dy't passe by de bern of betink sels oare fragen om de bern by it ferhaal te belûken. Lês it boek sa faak foar ast wolst en brûk deselde of oare fragen.

### Sjen

Besjoch it filmke 'In bak mei ferrassings'. Juf hat in hiele grutte bak mei ferrassingen. Dêr sit fan alles yn, en de bern meie wat útsykje om mei te boartsjen. Mar Tomke en Yana Yu wolle beide mei de bal en meitsje rúzje. As juf dêr wat fan seit en de bal efkes delleit, is er ynienen fuort! Wêr is er bleaun??

**Foar it filmke**  
Scan de QR-koade



### Boartsje

#### • In ferrassing

Fertel datst in ferrassing hast foar moarn. Kinne de bern krekt sa lang wachtsje as August? Wachtsje earst ôf wat de bern dogge. Wurde se senuwachtich, begjinne se te rieden, fragen te stellen? Dêrnei soest sels fragen stelle kinne: Wat hoopje sy dat de ferrassing is, en wat just net?

#### • Koer mei ferrassings

Yn in koer (of doaze/bak) sitte allegear ferrassingen. Dat kinne plaatsjes wêze of foarwerpen dy't dermei te krijen ha. Elke aktiviteit hat twa ferzjes, ien dy't by August past en ien dy't by Suuske past.

Lit de bern betinke wat by wa past. Dêrnei kieze jim mei-inoar ien aktiviteit út dy't jim dwaan sille. Wa docht de rêstige ferzje en wa de wylde? Foarbylden fan aktiviteiten:

- Boeken: yn lêze of in toer mei bouwe.
- Tûkjes, bledsjes en oar guod út de natuer: wat moais mei meitsje of der in parkoers mei útsette.
- Wetterdobben: deryn en deroerhinne springe of sjen wat der gebeurt ast der in lyts stientsje yn goaist.
- Der leit wat ûnder in kleedsje of yn in koer. Omskriu wat der ûnder it kleedsje leit. Omskriu de foarm, kleur, watst dermei dwaan kinst ensfh. As de bern it dan noch net riede kinne, meie se fiele, sûnder te sjen. Kinne de bern riede wat it is?
- Wat dogge Suuske en August allegear yn it ferhaal (har soargen meitsje, drave, springe, healwiizje, gekjeie, lêze, omhingje, jubelje, suchtsje)? En hoe dochst dat? Lit de bern it foardwaan.
- Meitsje in picknickhoeke, mei in picknick-kleed, in koer, servys en (boartersguod)fruit, -grienten en oar iten. Wat kin der allegear mei yn de koer? Doch dat deryn. En wat is net sa handich? Lis dat apart. Ha jim alles? (Sabeare) picknicke mar!

### Sjonge

Suus fertelt net wat sy dwaan sille, oars is it gjin ferrassing mear. It is even in 'geheim'. Sjong it ferske 'In geheim' fan Hindrik van der Meer, út 'Deuntsjes foar dy'. Dit ferske is te belústerjen fia tomke.frl. (nr. 48 fan it album)

*Stil, stil, flústerje, flústerje.*

*Stil, stil, mûle op slot.*

*Stil, stil, moatst it net sizze ju.*

*Stil, oars hearre se wat.*

*Net der oer prate, net der oer prate.*

*'t Is in geheim, in geheim, in geheim!*

**Foar it ferske**

Scan de QR-koade



**afûk**